

Griene keatslinen


Ferline hjerst skille de hear Hoff út Noarch mei de fraach oft it Keatsmuseum ek belang hie by wat fjildmateriaal foar it keatsen. It die bliken dat it net om 'gewoan' spul gong.

Yn pleats fan wite linen, wiene dizze legergrien fan kleur. De proppen wiene net bysûnder, mar de oanmerkersblokjes hiene pinnen. Hoff hie it materiaal krigen fan syn skoanheit, doe't dy ferstoar.

Dy skoanheit wie Sjouke van der Veen (Frjentsjer 1899 – Drinte 1971). Sjouke wie de soan fan in brêgewipper by it Vliet te Frjentsjer. Sjouke sels learde ta ûnderwizer, hie earst op 'e Westerein stien, doe te Earnewâld en op 't lêst yn it Drintske Langerlo. It stie de hear Hoff by dat syn skoanheit alris ferteld hie dat er as ûnderwizer yn Langerlo mei de jonges út de klasse wol oan it keatsen wie op it skoalplein en dan gebrûk makke fan dit materiaal. Dat makket fansels dúdlik wêrom't de linen in ôfwikende kleur hawwe koene en de keatsblokjes fan pinnen foarsjoen wiene.

Konklúzje fan it ferhaal: it belang en it nijs-gjirrige fan in objekt sit him net altyd yn de wearde, mar ek yn it ferhaal dat der efter skûlet.

Rinske Wiersma



It keatsmateriaal fan de hear Hoff út Noarch. (Foto: Antje Kuipers)